

It Bildt



Mei elkoar en foar elkoar

Ferkiezingsprogram 2010 – 2014



Sterk en Sosjaal

Gemeenteriedsferkiezings 3 maart 2010

"Mei elkoar en foar elkoar"

Ynhâld

0. Ynliding

Speerpunten:

1. Gemeentlike weryndeling of gearwurkje yn Middelseeverbân.
2. Boargerynbring
3. Underwiis en Jeugdbelied
4. Ekonomys- en wurkgelegenheidsbelied
5. Sosjale foarsjennings en âldereinbelied
6. Rekraasje en Toerisme
7. Romtlike Oardering
8. Kuenst en Kultuer
9. Duorsumheid
10. Sport
11. Jildsaken

Ferkiezingsprogram PvdA it Bildt 2010-2014

0. Ynlieding

Meielkoar en foarelkoar.

It politike klimaat feroaret yn Nederlân. Persoanlik belang en it swart-wyt stellen fan de problemen lykje it te winnen fan de idealen en stean duorsume oplossings yn 'e wei. Dêrom draacht ús ferkiezingsprogram de titel: "Meielkoar en foarelkoar."

Wy sille meielkoar nei oplossings sykje moatte en meielkoar ferantwurdlik wêze moatte foar de problemen dêr 't elk wol weet fan hat.

Minsken moatte har eigen libben ynrjochtsje kinne, mar har tagelyk feilich en akseptearde fiele yn in mienskip dêr't de minsken noed foar elkoar stean. Jo moatte de romte ha om josels wêze te kinnen, mar ek sels de romte oan in oar jaan ek al tinkt net elkenien krekt as jo. Goede ideeën fan de boargers moatte posityf benadere wurde.

De maatskippij dêr't wy yn libje wurdt hyltyd kompleksere. Om de jeugd op in goede takomst ta te rieden is goed ûnderwiis nedich. Ek de folwoechsenen moatte de kâns ha har kundichheden eigen te meitsjen dy't needsaaklik binne om aktyf diel nimme te kinnen oan de mienskip.

It sil hyltyd mear foarkomme dat de minske syn libben lang by-leare moat.

Yn it Bildt wurdt sawol Bildts, Hollâns as Frysk praat en dat wolle wy graach sa hâlde. Wy wolle graach dat de minsken yn de gemeente harsels bliuwe kinne. De tonielferienings, muzykgroepkes, de koaren en de korpsen en de ferskate sportferienings binne kulturele en sportive aktiviteiten dêr't de minsken elkoar moetsje. Se binne fan grutte betsjutting foar de eigenheid fan ús gemeente en meitsje dat alle ynwenners aktyf dielnimme kinne oan de mienskip.

Der komt hyltyd mear wurk op de gemeente ôf.

It fenomeen fan de gemeentlike weryndieling is foar ús ek in wichtich punt om rekken mei te hâlden. De ôfrûne perioade ha wy in oerienkomst tekene mei de omlizzende gemeenten Ferwerderadiel, Menameradiel en Ljouwerteradiel.

Hjiryn is fêstlein dat wy de kommende tiid ûndersykje sille as wy troch yntensive gearwurking de gemeentlike taken effisjint útfiere kinne en sa ûntkomme kinne oan it weryndieling omt it Bildt oars ferdwine soe as selsstannige gemeente. Dat soe ús spite, omt wy hechtsje oan de eigenheid fan it Bildt.

Duorsumheid , miljeu en ekonomy binne wichtige tema's dy't elkoar net altyd even maklik lykje te ferdragen. Wy sille de moed ha moatte op tal fan fragen antwurden te sykjen.

- Krimp is in aktueel gegeven. Hoe moatte wy hjir op ynspylje? Is krimp allinne in bedriging of jout it ek mooglikheden?
- De befolking fan it Bildt "fergrizet". Wat betsjut dit foar de takomst en foar de jongeren?
- It wurdt hylytd lestiger frijwilligers te finen dy't de foar de mienskipssin sa wichtige ferienings draaiende hâlde. Sjogge wy in oplossing of litte it sosjaal kulturele barren mar fertuteazje. De ferienings foar doarps/streekbelang krije hylytd mear op har buordsje. It ûntwikkeljen en útfieren yn gearwurking mei de befolking fan de doarp- en streekfyzjes. Moatte wy har dêrby helpe? En hoe dan?
- Hokker gefolgen hat de ekonomyske krisis foar it Bildt? Moatte wy ôfwachtsje of mei nije plannen komme om te ynfestearjen?

De Partij van de Arbeid hat hjir gjin pasklear andert op.

Wol binne wy fan betinken dat nei antwurden socht wurde moat. Mar dat is net in saak fan in inkelde partij, mar wy sille yn oparbeidzjen mei ús burgers en mei de oare politike partijen ta in mienskiplike fyzje komme moatte. It libben, wenjen en wurkjen is goed op it Bildt en dat wolle wy sa hâlde.

De Partij van de Arbeid makket him soargen oer de minimale belutsenheid fan de burgers by de gemeente. Wy sjogge it as in útdaging de ôfstân tusken de gemeente (en de polityk) en de burgers te sluchtsjen. De burgers ha no faak it gefoel dat se it bosk yn (it Waad op) stjoerd wurde. **De keunst is goede ideeën fan de burgers posityf temjitte te kommen en te ûndersykjen en net de boel yn it foar al op slot te setten.**

De earste stappen binne al set, sa as de ynspraakproseduere mei it swimbad en it ynstellen fan de RadaRaad, mar wy binne der noch net.

As fraksje fan de Partij van de Arbeid ha wy middels in tal húsbesites merkbiten dat de minsken wol deeglik ynteresearre binne yn de gemeentlike polityk!.

En dan it drama rûn it flatgebou...

Hjir is fansels fan alles mis gien. Wa kin soks noch neikomme. It fertrouwen yn de lokale polityk hat hjir enoarme skea oprûn. Hoe hat dit yn de goedichheid plak fine kinnen. In ûnôfhinklik ûndersyk oer de gong fan saken soe hjir op syn plak wêze.

As ôfsluting.

It libben hâldt net op by de grinzen fan it Bildt.

De gemeente it Bildt hat ôfspraken makke har yn te setten de saneamde Milleniumdoelstellings te heljen. Dit hâldt û.o. yn dat wy ús yn sette projekten yn de ûntwikkelingslannen te stypjen. It Bildt is sûnt koart in saneamde Fairtradegemeente. Wy ha tasein ús yn te spannen foar in earliker ferdieling fan de wereldhannel.

Wy ha ús ferkiezingsprogramma sa helder as mooglik formulearre. Dus gjin wazige ferhalen, mar konkreet en dúdlik. Wy ha dat dien oan'e hân fan de folgjende twa ûnderdielen: 1- Wêr wy ús foar yn sette en 2.- Wat jo as ynwenner fan it Bildt hjir fan merkbite.

1.- Gearwurking yn it Middelseeferbân.

Wy sette ús yn foar:

- Yntensive gearwurking yn it Middelseeferbân, mei as doel it selsstannich bliuwen en behâld fan de eigenheid fan it Bildt. Yn 2013 wurdt de gearwurking evalueerd en op'e nij besjoen.
- In bettere belutsenheid fan jo de ynwenners fan it Bildt by de fierdere gearwurking yn Middelseeferbân.

Wat merke jo der as ynwenner fan it Bildt hjir fan?

- Gemeente it Bildt bliuwt yn elts gefal oan 2013 in selsstannige gemeente. Oant dy tiid sille wy besjen hoe't yn it kader fan de yntensive gearwurking de útfieringskosten fan de gemeentlike taken beheind wurde kinne en hoe wy ta in ferienfâldiging komme kinne fan de yngewikkelde regeljowing betreffende de gearwurking. As lytse gemeente binne wy net yn steat de al mar tanimmende taken kwalitatyf goed út te fieren. Wy hoopje dat dit troch de gearwurking mei de buorgemeenten al kin.
- Wy freegje jo help en miening op it stuit dat de takomstige gearwurking yn 'e kiif stiet. Us motto hjirby is: Wa fertrouwen jout, kriget fertrouwen. Dat is ús útgongspunt. Wy nimme jo ynbring en argumintaasje serieus by dit drege ûnderwerp. Wy beslute en motivearje ús stanpunt earst **neidat** wy jo rieplachte ha.

2.- Ynbring fan de burgers.

Wy sette ús yn foar:

- 1.- De Raderaad út te bouwen:

- a. De RadeRaad giet nei it doarp ta as der foar dit doarp wichtige saken spylje
- b. Underwerpen dy't jo wichtich fine, besykje wy op de wurklist fan de RadeRaad te setten.
- 2.- Koarte linen tusken polityk, gemeente, ferienings, maatskiplike organisaasjes en pleatslike belangen.
- 3.- Koarte linen nei jo as ynwenner. Rjochtstreeks tagong ta de boargemaster en wethâlders. Yn elts gefal binne de PvdA-fraksje- en bestjoersleden ree jo te wurd te stean en mei jo oanrekommadaasjes oan 'e slach te gean.
- 4.- Mear sizzenkip fan de boargers troch se yn in ier stadium te belûken by wichtige fraachstikken.
- 5.- Fersterkjen fan de rol fan de ferienings fan doarpsbelang.

Wat merke jo dêr fan?

- 1.- Wy komme as Raderaad by wichtige ûnderwerpen nei jo ta.
- 2.- Wy pleatse saken dy't jo oandrage op de wurklist fan de RadeRaad.
- 3.- Wy organisearje húskeamerbyienkomsten by jo yn it doarp
- 4.- Wy beslute en motiverarje ús beslút **earst neidat** wy de ynwenners rieplachte ha.

3.- Underwiis en Jeugbelied.

Underwiis

Wy sette ús yn foar:

- 1.- Behâld fan it Iepenbier basis-en fuortset ûnderwiis op it Bildt.
- 2.- Wy ûndersykje as in mienskiplike "campus" foar beide skoallen foar fuortset ûnderwiis helber is omt bliken docht dat twa ôfsûnderlike skoallen foar fuortset ûnderwiis finansjeel net mooglik is. Troch gearwurking fan beide skoallen kin it oanbod en de kwaliteit fan it ûnderwiis faaks wol realisearre wurde. In mienskiplike fyzje fan en foar beide skoallen moat de basis fan de campus foarmje. Dizze mienskiplike basis moat ek stâl krije yn de mooglik nij te bouwen campus.
- 3.- Bern ha rjocht op goed ûnderwiis yn in feilige en sûne omjouwing. Wy wolle permanente ynisjativen stypje dy't bern helpe de wrâld oan te kinnen.
- It ynstellen fan soarch-advys-tiims en skoaljeugbelied hat ús stipe.

- 4.- Troch it weropmringen fan it tal skoalbern en ús stribjen nei kwalitatyf heechwaardich ûnderwiis moat ûndersocht wurde of de “brede-skoalle gedachte” better perspektiven op goed ûnderwiis jout.
- 5.- It tal folwoechsenen dat muoite mei de taal hat is heech, sawat 10% fan de ynwenners. Wy sette ús yn hjir wat oan te dwaan.
- 6.- Wy sette ús yn ús nije Nederlanners in goede basis te jaan om mei sukses yntegrere te kinnen yn ús mienskip
- 7.- Wy wolle besykje troch yntensive begelieding fan de skoalbern en troch foarskoalse help de skoalle-útfal te beheinen.
- 8.- It fuortsetten fan it projekt meertalich ûnderwiis, bygelyks troch it ûntwikkeljen fan lesbrieven yn it Nederlâns, Bildts, Frysk en yn it Ingels.
- It ferkear en parkearen en de sosjale feiligens rûn de skoallen hat ús omtinken.

Wat merke jo hjir fan?

- 1.- Jo wurde op ‘e hichte holden fan de ûntwikkelingen rûn de campus. Wy binne wach op alle aspekten rûn it plan. Jo moatte hjirby tinke oan: De gefolgen foar de bewenners fan de Dirk Janszstraat, de ynrjochting fan it âlde terrein Ulbe van Houten, de ferkearstechnise aspekten ensfh. Uteraard folgje wy kritys de gearwurking tusken de twa skoallen.
- Wy binne der alert op dat it troch ynspraak fêststelde Verkeers- en Vervoersplan 2009-2015, benammen rûn de skoallen ek neffens it plan útfierd wurdt.
- Op dit stuit wurdt der studearre op it plak fan it basisûnderwiis yn de takomst. Wy wolle de brede skoalle gedachte mei jo trochprate as ien fan de mooglikheden ta behâld fan kwalitatyf goed ûnderwiis yn de takomst yn de doarpen.

Jeugdbelied

Wy sette ús yn foar:

- 1.-Utfiering fan de kadernotysje Jeugdbelied.
- 2.-Feilige omjouwing foar de jeugd, sawol yn as bûten skoalle.
- 3.- Betelbere kontrebúsjes foar sport en kulturele aktiviteiten foar elkenien.
- 4.- As de jeugd der om freget wolle wy yn it reedlike, jilden beskikber stelle foar eigen jeugdhonken. Mar net yn it iene doarp wol in jeugdhonk stypje en yn it oare doarp. Troch sels in soad te dwaan en troch oare

subsydzjes en sponsoren oan te lûken, moat it jeugdhonk finansjeel helber makke wurde.

- 5.- Wy wolle nei ien oansprekpunt foar de jeugd om foar te kommen dat de jeugd fan hot nei her stjoerd wurdt troch de helpferlieningssynstânsjes, sûnder dat der hulp komt. It Centrum Jeugd en Gezin moat boarch stean foar in goede taakferdieling en gearwurking tusken de helpferlieningssynstânsjes. It Centrum Jeugd en Gezin is it oansprekpunt dêr't de jeugd har melde kin.
- 6.- Wy sjogge it as in útdaging de jeugd by de polityk te belûken by saken dy't har eigen leefomjouwing betrefte. Wy freegje de jeugd sels agindapunten oan te dragen en hoe se dy saken fierder te besprekke wolle.

Wat merke jo as ynwenner fan it Bildt hjirfan?

- 1.- Dy jongeren dy't om finansjele redenen net dielnimme kinne oan de sport en kulturele aktiviteiten, sille wy finansjeel stypje.
- Wy sille de kadernotysje jeugdbelied útfiere. Foar de planning ferwize wy jo nei dizze notysje.
- Wy wolle ús jeugd stypje nei de jeugdhonken te gean. Oare ûnderkommens foar de jongeren stean wy allinne ta ûnder tafersjoch en as se foldogge oan de betingsten dy't mei de gemeente oerienkommen is. Hjirby wurdt tocht oan bgl. brânfeiligens, drankgebrûk, oerlêst ensfh.
- De PvdA fraksje sil op besite by alle ûnderkommens fan en foar de jeugd foar oerlis.
- Der sil in maklik werkenber meldpunt komme foar de jongerein dy't him/har op skoalle of thús net feilich fielt.

4.- Ekonomys belied en wurkgelegenheid.

Wy sette ús yn foar:

- 1.- Wy stribje der nei dat alle minsken meidwaan kinne yn de maatskippij. Utgangspunt is dat alles dien wurde moat de minsken oan it wurk te helpen, net allinne om it ynkommen, mar ek om se te belûken by de maatskippij. Wurk kin yn hege mjitte meihelpe foar te kommen dat minsken gjin kontakten mear oerhâlde, feriensumje. (It Bildt hat in heech tal iensume minsken!)

Benammen de âlderen is yn it kader fan de fergrizing in wichtige doelgroep.

By re-yntegraasjeprojekten moat útgien wurde fan de kânsen fan it yndividu en net fan de juridise beheiningen.

- 2.- Fansels bliuwt der altyd in kategory minsken dat net wurkje kin en dy't op in útkearing oanwiisd binne. Ek foar dizze minsken is it fan belang se te belûken by projekten om foar te kommen dat se yn in sosjaal isolemint komme.
- 3.- Wy sille der op tafersjen dat der foldwaande leer- en staazjeplakken foar de jongeren by de gemeente en by bedriuwen binne (komme) yn ús gemeente.
- 4.- Stypje fan maatskiplik ferantwurde ûndernimmen. Stypje dat ús bedriuwen har ek ynsette foar ús ynwenners dy't oan de sydline stean.
- 5.- Langer leare foar jongeren betelber en tagonklik meitsje as ynfesting tsjin de oprinnende wurkleazens.
- 6.- Jongeren stypje dy't sels wat ûndernimme wolle om sa sa te behâlden foar de gemeente.
- 7.- Wy wolle ús ynsette foar in sterk ekonomys belied. Dit is fan grut belang foar de leefberens yn ús mienskip. Hjirta soene de portefeulles sosjale saken en ekonomy yn ien hân komme moatte.
- 8.- By oanbestegings fan de gemeente moat ferplicht opnommen wurde dat it bedriuw sjen lit hoe it it maatskiplik ferantwurd ûndernimmen stâl jout.

Wat merkt de boarger hjir fan?

- 1.- Dat ús gemeentlike organisaasje har werklik iepenstelt foar wurkleaze en minder falide meiminsken. De gemeente It Bildt nimt minimaal fjouwer wurkleazen en arbeidhandicapte minsken op.
- 2.- Us gemeente docht der alles oan sels staazje en wurkleerplakken oan te bieden en trúnt bedriuwen oan dit ek te dwaan.
- 3.- Hast 4 % fan ús ynwenners komt yn frijwilligerswurk, yn staazje of oan it wurk mei behâld fan útkearing. Alles is der op rjochte dat dizze minsken wer meidogge yn de mienskip en de ôfstân tusken de arbeidsmerk sa lyts as mooglik bliuwt.
- 4.- By guon minsken dêr't dit net slagget moatte wy ús rjochtsje op it foarkommen dat dizze minsken yn finansjele of oare problemen komme en dochs meidwaan kinne yn de mienskip.
- 5.- Dat der ien portefeullehâlder foar ekonomy en sosjale saken komt
- 6.- It ûndernimmerskip foar jongeren te stypjen middels projektsubsydzjes om se sa te behâlden foar de gemeente.

Sosjale foarsjennings foar âldereinbelied.

Wy sette ús yn foar:

- 1.- Wy wolle dat de âldere minsken salang as kin yn har eigen sosjale omjouwing wenjen bliuwe kin no't "Den Haag" de soarch foar de âlderen op it buordsje fan de gemeente leit.
- 2.- Wy ha benammen omtinken foar de earmoede by in grutter wurdende groep âlderen. Sy witte faak te min fan de mooglikheden dy't der binne foar help en hyltyd mear reitsje minsken yn in sosjaal isolemint. De WMO-loketten en ynformaasjepunten spylje in wichtige rol by it tagonklik meitsjen fan it gemeentlike anti-earmoedebelied.
- 3.- It giet om de minske. Der moat in goede ôfstimming komme tusken de organisaasjes dy't mei it wolwêzen fan de minsken te meitsjen hat. Troch gearfoeging fan dizze helptoanbieders moat it foar de klant helder wêze by wa en foar hokker saken se te plak binne.
- Wy wolle de doelstellings fan de wet "partisipaasjebudzjet" keppelje oan de doelstellings fan de WMO, Wet Werk en Bijstand en de Wet Sosjale Wurkfoarsjennings. De minske giet foar de regels.
- It giet der om de regels, de tagong en it brûken fan de sosjale foarsjennings ienfâldich en foar de minsken dúdlik te meitsjen.

Wat fernimme jo as ynwenner fan de gemeente it Bildt der fan?

- Mear âlderen en minsken út kwetsbere groepen sille aktyf oan de mienskip dielnimme.
- It oanfreegjen foar finansjele of oarefoarsjennings wurdt makliker en de gemeente beslist gauwer.

6. Rekreaasje.

Wy sette ús yn foar:

- 1.- Fersterking fan de leefberens troch toerisme en rekreaasje te befoarderjen.
- 2.- Wy wolle oanslutingen realisearje tusken Alvestêdefaarrûte en de doarpen, foarsafier as dit kin. Ek wolle wy Swarte Haan, De Dwingen en Aldsyl as toplokaasjes ûntwikkelje foar toerisme.
- 3.- De gemeente hat in stipersrol by de fierdere ûntwikkeling fan de rekreaasje. Ôfstimming en oansluting by de Middelseegemeentes is hjirby fan belang.

- 4.- Utgongspunten binne hjirby: Lytsskalich, passend by it karakter fan it Bildt.
- 5.- Promoosje fan ús gemeente op rekreatyf en toeristys gebiet.
- 6.- It fierder ûntwikkeljen fan kuierpaden.
- 7.- Dit alles yn gearwurking mei de doarpsbelangen en ûndernimmers.

Wat merke jo hjir fan?

- 1.- Mear drokte en bedriuwichheid yn de doarpen.
- 2.- Lykwols: Earst binne de doarpen sels oan set om plannen te meitsjen. Ek moatte wy it ûndersyk nei de ôftakking fan de Alvestêderûte nei de doarpen ôfwachtsje ear dat wy besluten nimme.
- 3.-Rekreaasjeûndernimmers sille ynspringe op de ûntjouwings yn relaasje ta de Alvestêdenfaarrûte.
- 4.- It delsetten fan ynformaasjebuorden. Ek de ynternetpassings moatte yn dit kader ûntwikkele wurde.

7. Romtlike Oardering.

Wy sette ús yn foar:

- 1.- In oantreklik en kwalitatyf goede wen-, work-, en leefomjouwing mei omtinken foar de natûr en it iepen karakter fan ús lânskip. Fansels sille wy de karakteristike wearden yn ús doarpen yn takt hâlde en dêr't mooglik is fersterkje en útwreidzje.
- 2.- Dat betsjut: In farieerd wenningoanbod, sawol keap as hier, djoer en goedkeap.
- 3.- Hanthaving fan it hjoeddeistige wenningnivo. Wy kieze foar ferbetterings fan besteande huzen, it opfullen en ynplannen fan lege plakken yn de doarpen yn stee fan grutte nijbouplannen.
- 4.- De PvdA sil by it beoardielen fan bouplannen foar agrarise bedriuwen rekkening hâlde mei it bestimmingsplan bûtengebiet en it karakter fan de foarnommen aktiviteit.
- 5.- Glêstúnbou achtsje wy net winslik en net passend yn it Bildt
- 6.- Wy wolle ûndernimmers stypje om har op it Bildt te festigjen as se mar gjin skea tabringe oan ús iepen en karakteristike leefomjouwing. Kwa aard en omfang moatte se pass binnen ús besteande bedriuwsterreinen.
- 7.-Duorsumens en foar in libben lang bouwe wurdt troch ús stipe
- 8.- Wy wolle betelbere wenten stypje, wêrby de grûnpriis reeël is.
- 9.- Foar de PvdA is it Gemeentlik Ferfiersplan 2009-2015 de basis.

- 10 Wy binne fan betinken dat de gemeente meer sizzenkip ha moat oer de útjefte fan bougrûn. (sjoch 8)

Wat merke jo as ynwenner fan de gemeente hjir fan?

- 1.- De PvdA sil yn goed oerlis mei de ynwenners/pleatslike belangen de wenningbou ôfstimme op it ferlet fan wenten yn de doarpen. Dit betref sawol it tal as de kwaliteit.
- 2.- Attesweg foar de fytsers better tagonklik meitsje.
- 3.- Op de Alde Bildtdyk oeral in maksimumsnelheid fan 50 kilometer omt de bewenningstruktuer en it grutte lânbouferkear dit freget.
- 4.- Wy wolle de hier- en wenlesten beheine û.o. troch mei de projektûntwikkelders te oerlizzen de kante meterprizen ôf te stimmen op fraach.
- 6.- Enerzysunige huzebou wurdt stipe.

8. Keunst en kultuer

Wy sette ús yn foar:

- Kulturele aktiviteiten sa as dy fan de koaren, korpsen, tonielferienings, muzykgroepkes ensfh., binne fan grutte betsjutting en fertsjinje de stipe fan de gemeente
- Wy stypje de Kulturele Rie en de stichtings dy't kulturele aktiviteiten útfiere.
- Kultuer sels is weardefol, mar spilet ek in wichtige rol by partisipaasje en emansipaasje fan de ynwenners. Kultuer draacht by oan it gesicht fan de gemeente nei bûten en oan de eigenheid fan de gemeente.
- Partikuliere ynisjativen fan keunstners oanmoedigje.

Wat merkt de ynwenner fan it Bildt hjir fan?

- 1.- Wy sille as dat nedich is ferienings en stichtings stypje.
- 2.- In ûndersyk nei de mooglikheden keunstners temjitte te kommen troch eksposysjeromtes beskikber te stellen. (bgl. it gemeentehûs)
- 3.- In ûndersyk nei de mooglikheden ta it opsetten fan in keunstútlien.
- 4.- De Bildtse en Fryske taal en kultuer te promoten.

9. Duorsumens

Wy sette ús yn foar:

- 1.- De PvdA is fan miening dat ûnderwerpen as klimaat, miljeu en alternative enerzjyfoarsjennings fierder giet as krantekoppen. Wy wolle ús ynwenners bewust meitsje fan it wereldwide klimaatprobleem en se oproppe mei te tinken oer oplossings.
- 2.- Duorsumens betref net in spesifike sektor of beliedsterrein. It is prinsipe ôfspraak om in balâns op te meitsjen fan beliedskeuzes. Neist de te ferwachtsjen ekonomys/finansjele baten en lesten moat tagelyk de sosjale en ekologise gefolgen foar de gemeente metten wurde.
- 3.-De PvdA wol him ynsette foar duorsume renovaasje fan it besteande wenningbestân.
- 4.-De PvdA wol him ynsette foar duorsume lânbou. It ûntwikkeljen fan alternative enerzjy, passens yn it lânskip, hat ús stipe. Jo moatte hjirby tinke oan sinne-enerzjy, bio-enerzjy, blauwe enerzjy en oare alternative enerzjy foarsjennings.
- 5.- De PvdA ferset him tsjin grutskalige wyn-enerzjyparken op har grûngebiet.
- 6.-Wy wolle ús sterk meitsje foar it meitsjen fan sâlt/swiet oergongen yn ús gebied. Wy ha soarch foar it fersiltingsprobleem.
- 7.-De PvdA wol sykje nei enerzjyfoarsjennings dy't meitsje dat de kosten fan enerzjyferbrûk gâns leger útpakke sille. Wy binne ree te ynfestearjen mei de ûndernimmers en ynwenners yn projekten dy't de kosten foar enerzjyferbrûk nei ûnderen bringe.
- 8.-Undersykje as in eigen enerzjybedriuw mooglik is of dat it oansluten by ynstellings dy't har rjochtsje op alternative enerzjy de muoite waardich is, mei as doel dat ús gemeente it keurmerk "enerzjy-neutraal" kriget.

Wat merke jo hjir fan?

- 1.- De PvdA sil jo as ynwenner, de bedriuwen en maatskiplike ynstellings belûke by plannen om te kommen ta in foarse ferleging fan de kosten foar de enerzjy.
- 2.- Jo wurde belutsen by de fierdere útwurking fan de speerpunten út de milleniumdoelstellings betreffende duorsumens.

10. Sport

Wy sette ús yn foar:

- 1.-Sport is it semint fan ús mienskip. Dus fan grut belang. De PvdA wol ynfestearje yn sport en bewegen as wichtich helpmiddel by it foarkommen

fan maatskiplike problemen: bern dy't te grou wurde, probleemjongeren en it by elkoar lâns libjen fan kwetsbere befolkingsgroepen ensfh.

- 2.-Wy wolle ús sterk meitsje dat de sport foar elkenien betelber bliuwt. Gjinien moat oan de sydlâne stean omt er de sport net betelje kin.
- 3.-De PvdA wol ûndersykje as it behear fan de sportakkomodaasjes ek better yn Middelseeferbân organisearre wurde kin.
- 4.- De sporthal, de fjilden en de gymlokalen moatte optimaal brûkt wurde (kinne) troch alle leeftydsgruppen.
- 5.- De gemeente moat gearwurking en gearfoeging fan sportferienings as it tal dielnimmers werom rint troch de demografise ûntwikkelingen stypje binne wy fan betinken.

Wat merke jo as ynwenner fan de gemeente hjr fan?

- 1.- Gjinien oan de kant om de sinten.De minimaregeling moat soks foarkomme.
- 2.- Om de kosten op den duer yn'e hân te hâlden, moatte wy besjen of ien organisaasje dy't de gymlokalen (en mooglik oare akkomodaasjes) beheart, foardielen opsmyt. Wol moat de polityk ynfloed hâlde op it sportbelied yn dizze.
- 3.-Mei de sportferienings moat oerlein wurde hoe de sport yn de doarpen oerein holden wurde kin. Dit betref sawol it sportoanbod as de bestjoerberheid. Koartsein: Wy wolle bestjoerders temjitte komme en stypje.
- 4.- Ien gemeentlike fersekering foar de ferienings.

11.Finansjen.

Wy sette ús yn foar:

- **Opmerking:** De kommende riedsperioade sil foars besunige wurde moatte.Troch de ekonomise resessy en jildpine by it Ryk troch de Bankenaflaai, moatte wy rekken hâlde mei in foarse koarting op útkearingen út it gemeentefûns.
- 1.-Dit betsjut dat de gemeente minder jild kriget en der dus besunige wurde moat op gemeentlike taken. De PvdA sil him benammen ynspanne de burokratische processen te beheinen. Der mei gjin jild ferlern gean. Mar it sil dreech wurde in kar te meitsjen. Utgongspunt is dat de sterkste skouders de swierste lesten drage moat.
- 2.- Wy jouwe de prioriteit oan it behâld fan wurkgelegenheid en it yn stân hâlden fan de sosjale foersjennings.

Wat merkt de ynwenner fan it Bildt hjir fan?

- 1.-De PvdA sil him ynspanne foar de minsken dy't it meast kwetsber binne sa dat dy troch degelgeande ekonomy net nochris pakt wurde. Op it re-yntegraasje program sil net besunige wurde en de minima-regelingen bliuwe rjocht oerein.
- 2.- De gemeentlike belestings meie de kommende fjouwer jier net heger wurde as de ynflaasje.
- 3.- De finansjele posysje fan de gemeente is goed. Dit moat sa bliuwe. Allinne dêr't romte is yn de reserves kkin dizze tydlik brûkt wurde om de perioade fan krapte te oerbrêgjen.
- 4.- Om ús reserve feilich te stellen, wolle wy in "krisisreserve" yn it libben roppe mei as doel tsjijnfallers as gefolch fan de krisis op te heinen. Doel fan dizze buffer is de finansjele posysje fan de gemeente ek op langere termyn sîn te hâlden.